Boeketip 5

1

Mol wol de moanne ha

Jonathan Emmet
Afûk
€ 12,25

Mol fynt de moanne it moaiste dat er oait sjoen hat. Mar hoe krijt er 'm nei ûnderen? Dat is noch net sa maklik...
Oersetting: Hermien van der Meer

2

Sheherazade van 't neevlig Noorden

Cornelie van Uuden
Wijdemeer
€ 35,-

Dit boek beskriuwt it libbensferhaal fan skriuwster Nine van der Schaaf (1882-1973) dy't yn in Frysk sosjalistysk fermidden opgroeide. It ferhaal bestrykt sawat in iuw dêr't grutte sosjale feroaringen, literêre ûntjouwings, politike omswaaien en twa wrâldoarloggen yn plak fine. (NL)

3

De alderleafste lytse bearen

Sam McBratney
Afûk
€ 14,99
Der wiene ris in mem bear en in heit bear dy't har trije lytse bearen fertelden dat se de alderleafsten fan de hiele wrâld wiene. Op in dei begûnen de lytse bearen harren ôf te freegjen wa't no de alderleafste wie. Dat kinne dochs net trije wêze...?
Oersetting: Hermien van der Meer

4

Wêr is Keimpe?

Afûk
€ 14,95

In prachtich sjoch-, lear-, en fertelboek fan Keimpe de krokodil.
Trijetalich sjochwurdboek om tweintich ferskillende tema's hinne, yllustrearre troch Aart Cornelissen.

5

Noas tsjin 't glês

Edwin de Groot
Afûk
€ 17,50

Edwin de Groot ferstiet de keunst om alderhande ûnderwerpen dy't op syn wei komme yn bysûndere taal om te setten. Dat kinne persoanlike tema's wêze, mar ek maatskiplike ûntjouwingen. Alles sil op in stuit ferdwine, mar ûnferskilligens hoecht gjin rom paad.

Foar dizze en oare boeken, sjoch op **websjop.afuk.frl**

Freonskip ûnderweis

Foto: Fotobureau Hoge Noorden, Jaap Schaaf

Yn 2020 begûn Simon Vuijk, sjoernalist en as kultuermakker ferbûn oan Podium Harlingen, mei de Karavaan van de Vriendschap om iensumheid tsjin te gean. Mei de karavaan hat er yn Ljouwert en yn de doarpen yn de gemeente besocht om freonskip te siedzjen en minsken oan te setten om kontakt te meitsjen en te fersterkjen yn harren eigen omjouwing.

De karavaan giet yn 2021 hiel Fryslân troch! Simon fytst fan 10 septimber ôf elke earste freed fan de moanne op syn bakfyts in etappe troch Fryslân, tegearre mei trûbadoer Bruno Rummler. De karavaan bringt gesellichheid op iepenbiere lokaasjes yn doarpen en wiken. Simon: "We willen vriendschap zaaien door middel van taal en muziek. Door oud en jong laagdrempelig te verbinden proberen we eenzaamheid te verlichten en de samenleving mooier en beter te maken."

Simon bellet by minsken oan; soms reagearje se wat skruten mar altyd ha se in moai ferhaal. De ferhalen wurde opskreaun en bondele troch de Afûk. Alex de Jager, direkteur fan de Afûk: "De Karavaan lit sjen dat taal minsken ferbynt, hokker taal sy ek brûke. Freonskip kin net sûnder taal, taal ropt freonskip op. De ferhalen dy't wy mei De Karavaan ophelje, sille letter wer brûkt wurde foar aktiviteiten foar âlderein. Dêrmei lizze wy de ferhalen net allinne fêst, mar jouwe wy se ek wer troch."
Yn septimber giet de karavaan fan start. De earste rûte giet troch de gemeente Noardeast-Fryslân en sil fia Ferwert, Reitsum en Raard yn Dokkum eindigje. Mear ynformaasje op: **www.afuk.frl**

Sjonge op de achterbank

Hoe komme je dy lange fakânsjereis goed troch? Lekker sjonge op de achterbank! Op **Tomke.frl** fynst in grut ferskaat oan Fryske berneferskes. Ek mei de ôfspyllist 'Fryske Berneferskes' op Spotify kinst hiel wat oerkes wille hawwe. Fan de ferskes fan Retteketet Tsjyng Boem, Deuntsjes foar dy, De bisteboel fan omke Roel oant Hantsjes yn 'e hichte en Krobbekoer. Hawwe jimme dochs leaver in cd yn de auto? Sjoch op **websjop.afuk.frl** om ien te bestellen. Dat wurdt in swingende simmer!

Oant sjen yn ús winkel!

ADRES
Bûterhoeke 3
Ljouwert

(058) 234 30 70

ynfo@afuk.frl

www.afuk.frl

IEPENINGSTIDEN
Moandei
13.00 - 17.30 oere
Tiisdei o/m freed
09.30 - 17.30 oere
Sneon
10.30 - 17.00 oere



Keimpe op reis

Keimpe de Krokodil is net samar in krokodil. Hy hâldt fan moaie ferhalen, reizget graach én hâldt fan lekker iten en drinken. Dêrom kinst him no oeral yn de provinsje tsjinkomme. By ferskate hoarekabedriuwen yn Fryslân krigesto dyn miel op in placemat mei allerhande spultsjes en oan de ein krigesto ek noch in lêsboekje mei in grappich ferhaaltsje.

Fansels belibbet Keimpe syn aventoeren yn it Frysk, mar de ferhalen en spultsjes binne der ek yn in kombinaasje mei ferskate streektalen. Fansels wurdt der ek it ien-en-oar útlein yn it Nederlânsk en Ingelsk. Sa binne de produkten oansprekkend foar lju dy't Frysk, Biltsk, Dokkumers of Franekers prate, mar ek hiel nijsgjirrich foar bygelyks toeristen fan bûten de provinsje, dy't net bekend binne mei de talen.

Sjoch op **www.keimpe.frl** wêr'tsto him fine kinst en reservearje gau in tafel by ien fan de dielnimmende restaurants!

It oanbod, betocht troch studinten Travel & Hospitality fan ROC Friesland College, makket it wachtsjen oan tafel foar bern (en âlden) in stik nofliker. Se komme boartsjendewei yn de kunde mei it rike taalferskaat yn Fryslân. Wannear't de bern ek noch in grappich boekje mei nei hûs krije, is it feest kompleet!

Is Keimpe ek wolkom by jimme yn it bedriuw? Nim dan kontakt op fia it formulier op de webside **www.keimpe.frl**.

BLINDER OF BLUNDER

Test dyn Frysk

1. Geef of net geef: 'Hy kin net sa goed oer de warmte.'
- ☐ geef
- ☐ net geef

2. It is hjoed ek sa .....
- ☐ benaud
- ☐ benauwd
- ☐ benouwd

3. Wy neame dat ek wol ..... waar.
- ☐ brodzig
- ☐ brodzich
- ☐ brotsich

4. Mar ik wurd der hjit noch ..... fan.
- ☐ kâld
- ☐ lij
- ☐ waarm

Antwurden
1: net geef (waarmte) 2:benaud 3:brodzich 4:kâld